

GKb 177 / PGb IG H

O God, ús Heit, ús hieltyd nei,  
dy't elke dei,  
jo hillige bywêzichheid  
betoane op ús bidden,  
sjoch ús hjir as gemeente gear,  
om wer, o Hear,  
te hearren wat jo wurd ús seit;  
kom sels yn ús fermidden!  
Beklaai de tsjinstfeint mei jo Geast,  
wol him en ús beweitsje,  
dat wy, opnij of foar it earst,  
jo goede mienskip smeitsje,  
en lit jo oardiel en jo treast  
ús djip yn 't herte reitsje.

*tekst* Hendrik Ghijsen – 'O God, die onze Vader zijt'  
*oersetting* Fedde Schurer  
*meldij* Emden sa. 1557